

BESLUTELIST FAN DE GEARKOMSTE FAN DE RIE FAN MENAMERADIEL

Woansdei 12 desimber 2017

Oanwêzich

Foarsitter	:	de hear T.R. Piersma
Griffier	:	mefrou W. Bruinsma
P.v.d.A.	:	de hear J.C.L.M. van der Lubbe
F.N.P.	:	de hearen S. Knol en H. Hoekstra en mefrou S. Tijsma
GroenLinks	:	de hear J. Harms
C.D.A.	:	de hearen J. Eijzenga, J.J. Zijlstra en A. Osinga
Gemeentebelangen	:	de hearen K. Arendz, P. Drost, W. Roersma en P. Kingma en mefrou A.M. Mast
V.V.D.	:	de hear A. Magré
Kolleezje	:	wethâlders L. Pen en A. Dijkstra
Mei kundskip ôfwêzich	:	de hear T. Cuperus

1. Iepening en meidielingen

Boargemaster Piersma iepenet de gearkomste mei in hertlik wolkom oan de kommissaris fan de kening, âld-boargemaster de hear Van Mourik, boargemasters fan Littenseradiel en It Bildt, sekretaris, loko-sekretaris, griffier, loko-griffier, riedsleden en de leden fan de kommisje sosjaal domein.

De hear Cuperus oer de hear Roersma.

'Ik wurde troch de hear Van der Lubbe frege om wat oer dy te fertellen op dizze lêste gearkomste. Hy lake der wat by en dat begryp ik wol, want bist in markant persoan en oer markante persoanen falt in soad te fertellen. Acht jier lyn seagen we inoar foar it earst yn de Skearne Wiebe. We sprutsen oer de polityk, mar ek oer persoanlike saken. Acht jier lyn sietsto yn de koälysje en ik yn de opposysje. It wiene skerpe debatten mei altyd in tredde omgong yn de Black Horse. De petearen dy't we fierden wurden hieltyd persoanliker. Letter kaam ik ek by dy thús, der stie altyd in bierke of in wyntsje foar ús klear en Jenny makke ek altyd noch wat lekkers foar derby. Wat wie it in moaie frou, geweldich hoe't se altyd foar dy soarge. Dêr meist grutsk op wêze. Nei fjouwer jier rekke ik út de rie en binne we inoar wat út it each ferlern. Doe't Marja van der Meer ôfskied naam fan de rie kaam ik der wer by. Dat befoel my wer goed. We binne acht jier fierder, it is ôfrûn. Mar ik hoop dat ik dy noch wer ris sjoch en dat ik in bydrage leverje kin oan de nije rie. Oan al ús petearen komt no in ein, wat ha ik yn 8 jier fan dy leard? Do praatst mei iderien, út'e polityk of net út'e polityk, mei minsken fan de krante en Omrop Fryslân, mei sjongers, ridders, mei iderien. Mar it wichtichste dat ik fan dy leard ha is datsto sa tichtby de minsken stiest. Politike idealen besteane allinnich mar ast tusken de minsken stiest. It giet dy goed en oant sjen!'

De hear De Rouwe oer de hear Osinga

'Vandaag neem jij afscheid van de gemeenteraad, waarin je heel lang hebt gezeten als fractievoorzitter. Je bent niet alleen heel actief geweest in de gemeentepolitiek, maar ook bij de molens en de kerk, je bent ook onderscheiden. Ook vandaag krijg jij veel complimenten. En ik wil daar graag een compliment aan toevoegen. We zijn lid van dezelfde partij en we komen elkaar regelmatig tegen op provinciale bijeenkomsten. Sociaal gedreven, daar denk ik aan als ik jouw naam hoor. Ik wil je bedanken voor alle tijd die je in de politiek, het

volksvertegenwoordigen en de partij hebt gestoken. Ik wens je het allerbeste toe en weet zeker dat ik jou of je nageslacht nog zal tegenkomen. Tige tank.

De hear Knol oer de hear Osinga

Sûnt de jierren '80 binne ko al aktyf foar it CDA. Earst foar it bestjoer, letter as riedslid en fraksjefoarsitter. Dêrneist tige warber yn it ferieningslibben. Jo belutsenheid soarget foar in grut ferantwurdlikheidsgefoel. Sa gongen jo en jo frou Rineke net op fakânsje as der riedsgearkomsten wiene, dat koe ommers net want je binne keazen. Jo meie graach mei minsken omgean en as der wat spanning wie, dan kaam der faak in humoristyske kwinkslach. Om dit stikje te meitsjen ha ik mei in pear minsken praat dy't ticht by jo steane. Sa kaam ik derachter dat jo eins wol ynnommen wiene mei de Fryske plaknammen. Jo ha my ek altyd geweldich holpen. Ek faak ûnbewust. As in oar oan it wurd wie en jo it der net mei iens wiene, dan skodzje jo in bytsje mei de holle, as jo it der wol mei iens binne knikke jo. Ik siet rjocht tsjinoer jo en as nij riedslid haw ik der in protte stipe oan hân. Persoanlik wiene jo ek tige ynnaam om vice-foarsitter fan de rie te wezen. Net grutsk, mar ynnommen, want beskiedenheid wie altyd wol op syn plak. Hjoed bin ik wat minder beskieden oer jo en jo moaie karriêre. Nei mear as 30 jier yn de polityk foar it CDA komt der in keazen ein oan. In karriêre wêr't jo frou ek in grut oandiel yn hân hat. As jo frou yn de buert is, fiele jo jo mear op it gemak. Jimme folje inoar prachtich moai oan. Dat bringt my ek op myn earst moeting mei jim, dat wie by kollega Eijzenga yn de sportseal. Ik koe jim noch net, mar jim gongen sa moai mei inoar om. Dat is hingjen bleaun. Jim binne it libjende bewiis fan soarchsumens en leafde en dêr krije jo no mear tiid foar as eartiids. Ik tink dat ik wol út namme fan de hiele rie en it kolleezje sprekke mei dat we jo betankje wolle foar jo ynset.

Mefrou Peetoom oer de hear Osinga

Dit is een hele memorabele dag, want vandaag neemt de familie Osinga afscheid van een actieve rol in het gemeentebestuur van de gemeente Menameradiel. Per 1 januari wordt het Waadhoeke en daarmee breekt er een nieuw tijdperk aan. Dat is het moment om stil te staan bij die lange, lange, lange betrokkenheid van Anne Osinga en zijn vrouw Rineke Osinga. Want wat hebben jullie ongelooflijk veel gedaan voor het gemeentebestuur van Menameradiel en het CDA. En daarvoor wil ik jullie heel hartelijk danken. Het is zo bijzonder, Rineke die in de raad heeft gezeten, fractievoorzitter en wethouder is geweest en Anne die eerst in het provinciaal bestuur zat en daarna ook raadslid en fractievoorzitter werd. Zulk soort dingen zijn echt heel uitzonderlijk. Sybe Knol vroeg mij om een boodschap voor u in te spreken. Hij vindt jullie het prototype van mensen die liefde en zorgzaamheid in de praktijk brengen, die heel mooi samen oud worden en die nu kiezen voor een nieuwe fase in hun leven. Anne en Rineke, ik wil jullie hartelijk bedanken voor alles dat jullie hebben gedaan en ik wil jullie een mooie, stralende toekomst wensen samen met die nieuwe gemeente Waadhoeke. Alle goeds!

Wethâlder Pen oer de hear Drost

Ast 12 jier riedslid west hast dan hast rjocht op in keninklike ûnderskieding. Mar lintsjes wurde ek jûn foar maatskiplike fertsjinsten. Wy kamen yn 1978 te wenjen oan de Skoallânswai yn Dronryp, jim wennen der doe al. Letter ferhuzen jim nei Menaam. Do bist opgroeid yn Hurdegaryp, net hielendal de Wâlden, mar wy fine wol datsto wat Wâldske trekjes hast. Nei de legere skoalle en de ULO giest nei de plysjeopleiding. Krigest plak yn Frjentsjer en yn '67 diest al ûndersiken nei dûbele moard, opgravings, secties en verhoren: best heftige saken! Yn 1968 wurdst oerpleatst nei Menameradiel, mar dat wie miskien te rustich foar dy. Yn 1974 kaamst yn it resjerzjeteam yn Ljouwert, mei langduerige en swiere saken. Wiest belutsen by de treinkaping yn Drenthe, de besetting fan it provinsjehûs yn Assen en in legere skoalle yn Smilde. Mei guon fan dy saken binne advokaten noch hieltyd dwaande. Gjûn wûnder dat wy dy net faak yn Dronryp seagen. Nei tsien jier kaamst op de ôfdieling nautyske saken fan de provinsje. De lêste jierren wiest dêr ôfdielingshaad en lid fan it managementteam. Do koest der yn 2010 út. Ik bin op dyn ôfskied west en dêr fielde ik de wurdearring. Dat wurksame libben draacht noch net by oan dat lintsje, mar no komt it. Wiest

ek sân jier foarsitter fan fuotbalklup dronryp, 15 jier lid fan de kantinekommisje, foarsitter fan de jubileumkommisje, haadtrener, foarsitter fan de boukommisje fan Foarút, diaken fan de tsjerke yn Dronryp, 15 jier sekretaris fan de Keninklike Nederlânske plysjehûnen-feriening - dêr lei in stik fan dyn hert- en fiif jier karmaster fan dy feriening. Wiest ek twa jier foarsitter fan Gemeentebelangen, 15 jier riedslid en fraksjefoarsitter. Dizze opsomming jout wol oan datst dat lintsje wol earder fertsjinne hiest. En dan hiest ek noch in pear hobbys! Langebaan riden, twa kear de alvestêdetocht riden, sân kear de alvestêdetocht rûn en twa kear op de fyts, hast de seisdachse fan De Westereen nei Parys rûn om jild yn te sammeljen foar beheinde minsken en wiest fuotballer yn hert en nieren.

Ik ha dy hiel wat mailtsjes tastjoerd en kaamst gau ris del. We ha hiel wat meimakke, ik sjoch dy noch wol by de partij of op it fuotbalfjild. It giet dy goed.

Mefrou Tijsma oer de hear Arendz

Yn 2014 wurde wy tagelyk beëdige as riedslid. We krigen goeie ynstruksjes, learden fan alles oer de iPad, iBabs, sosjale media en it gemeentehûs. We hiene faak oer deselde saken it wurd, oer de sêfte kant. Benammen jeugdsoarch leit dy nau oan it hert. Sietst dan ek goed op dyn plak yn de kommisje sosjaal domein. Ik lokwinskje dy mei dyn plak yn de nije rie, ik ha der alle betrouwen yn datst ek yn de nije rie in goed en tige wurdearre riedslid bist. Ik bewûnderje dyn kearnachtige wize fan it wurd fieren. Nea in wurd tefolle, dêr mei ik graach oan. Stiest tige iepen foar dyn omjouwing en litst dy net gau út it field slaan en bliuwst altyd fatsoenlik. Allegearre moaie eigenskippen foar in goed riedslid. Bist opgroeit yn de Greidhoeke en fan 1974 ôf wennest yn Dronryp troch dyn wurk by de plysje. Bist troud mei Annie, hast twa bern en twa pakesizzers. Hast in soad reizge, mar dat ha ik nea witten. Want oer persoanlike saken ha wy spitigernôch net in soad prate kinnen. Yn de rie hearden we doe't der wat fertrietliks yn dyn libben barde. Mei inoar libben we mei dy mei. Bist in tige aardich, ynteger en belutsen kollega dy't ek noch ris tige geef Frysk praat en skriuwt. Dat docht myn FNP-hert goed. Betanke foar de fijne gearwurking. Ik winskje dy in soad sukses yn de nije rie en genôch tiid foar dyn famylje. It giet dy goed.

De hear Eijzenga oer mefrou Mast

Doe't we hearden dat we ien tasprekke moasten hope ik dat it ien net wie: Anita Mast. En fansels krige ik wol dy namme trochskood. Wêrom ik har leaver net hân hie? Omdat ik wit dat Anita miskien noch krekt net anti-Frysk is. Hoe wolst it jûn ha, yn it Frysk of yn it Nederlânsk? <mefrou Mast kiest foar it Frysk>. Wy binne 8 jier lyn tegearre yn de rie kaam. Ik koe dy al wat langer, kaamst wol ris del yn de praktyk. Doe omdatst oan it hurddraven wiest, mar ik ha net it idee datst dêr de lêste jierren noch oan takomst. Hast hiele oare drokte krigen. Wy sieten moai tsjinoer inoar. Ik ha wol ris in kursus kommunikaasje dien. Kommunikaasje is foar 7% wat je sizze, foar 38% hoe't je it sizze en foar 58% lichaamstaal. As der ien riedslid is dat gjin geheim makket fan har lichaamstaal dan bisto dat wol. Somtiden sakkest wat heal ûnderút, dan duorre it dy fierstente lang. Koest ek fel wêze, mar nea dizze kant út. Myn karriêre hâldt hjir op, do giest noch troch. Fan dit momint ôf bin ik wer frij. Dus ast goeie ried noadich hast, kom dan ris del. Dan ha we it der even oer.

De hear Kingma oer de hear Zijlstra

Ik moat tajaan dat ik der in *roast* fan meitsje soe, mar ik hâld it leuk. We kinne inoar al hiel lang, yn 2014 binne we sawat tagelyk yn de rie kaam. Ik lyk nei de ferkiezings, do hast in moanne langer wachte, mar doe krigest de sit fan de hear Dijkstra dy't wethâlder wurde. Yn tsjinstelling ta mysels wie Jochem Jan al lang ynteressearre en aktyf yn de polityk. Hy wie doe al 10 jier lid fan CDA en al ris earder kandidaat foar de gemeenteried west. Binnen it CDA is Jochem Jan klearmakke foar de gemeentepolityk. Hy krige fan de lanlike partij opliedingen oanbean op it mêd fan debat en oare wichtige saken. Fan 2014 fytsten we faak op nei it gemeentehûs en by min waar pakte ien fan ús de auto. Underweis besprutsen we de ûnderwerpen dy't op de wurklist stiene. Hy wie yn dy tiid foar it wurk wol gau ris oan de oare kant fan it lân te finen en om dochs gjin gearkomste te missen makke hy gau ris in

ekstra ritsje yn stee fan in hotel te nimmen. En hy hie it net allinnich drok mei de rie en it wurk, want dêrneist sit hy yn it bestjoer fan de MFA yn Dronryp, yn de technyske kommisje, de jeugdkommisje en it haadbestjoer fan VvV Sjirk de Wal: drok genôch. En dan foar de rie ek noch yn de kommisje sosjaal domein en planning en control. Hat hy noch wol tiid foar frou en bern? Yn dizze lêste riedsperioade hat hy resint syn stimpel drukt mei twa moasjes. De moasje foar in tydlike pontonbrêge by Dronryp is fan syn hân. Lykas de moasje foar in fytstunnel by Marsum: de alderlêste moasje dy't yn Menameradiel oannaam is. Opfytse nei Frjentsjer sit der foar my net mear yn. Al wol ik der noch wol ris op de publike tribune sitte. Bedankt foar in noflikke gearwurking. Ik winskje dy alle sukses en wiisheid ta yn Waadhoeke en wat wit sitte we noch wol ris tegearre yn de rie.

De hear Van der Lubbe oer de hear Hoekstra

Jij bent in maart 2014 in de raad gekomen, maar we kennen elkaar al langer. We hebben beide bij het ministerie van landbouw gewerkt. In het werk kwamen we elkaar nauwelijks tegen, maar op een gegeven moment wilde ik me kandidaat stellen voor de afdeling natuur van het waterschap. Daarvoor moest ik handtekeningen verzamelen. Op een lijst namen van medewerkers kwam ik ook Haaije tegen. Ik vroeg of je me wilde steunen. Dat wilde je, maar ik moest wel goed op de belangen van de vissers en de visclubs letten. In een uur tijd werd ik bijgepraat over deze –voor mij- nieuwe wereld. Toen je hier uiteindelijk in de raad kwam, kwam dat onderwerp ook regelmatig terug, net als water, natuur en landschap. We spraken regelmatig in één-tweetjes onze zorgen uit over het beheer van bomen en bosjes. Dat leidde uiteindelijk ook tot het initiatief om met toenmalig wethouder Van Asperen het dorp rond te gaan en de status van deze zaken te bekijken. Dat tekende je, je hebt je altijd sterk gemaakt voor het beheer van het landschap. Op een gegeven moment heb je het ministerie verlaten en later kwam ik je bij de provincie weer tegen. En later toen het provinciehuis terugverhuisde naar de Tweebaksmarkt kwamen we op dezelfde verdieping te zitten. Ideaal om dingen uit te wisselen en dat hebben we tot voor kort gedaan. Bijvoorbeeld ook over de rotonde bij Marsum. Nu is er in de Staten een oproep gedaan omdat de afvoer van het verkeer van de Haak naar St.-Annaparochie vastloopt. Door een turborotonde wordt het oversteken van de fietsers nog problematischer. De motie zat eraan te komen, waarin kwam te staan dat wij als gemeente een bijdrage leveren van 150.000 euro. Daar was ik het absoluut niet mee eens. Totdat ik er met jou over sprak. Jij hebt duidelijk gemaakt dat als wij een gebaar maken richting de provincie, het voor hen moeilijker wordt om nee te zeggen. Voor mij houdt het raadswerk op. Voor jou is dat nog wat onzeker. Mocht je toch doorgaan: je weet mij te vinden als je raad nodig hebt. Dankjewel!

De hear Magré oer de hear Harms

Yn de twadde keamer wurdt ûnplezierich debattearre. It giet om byldfoarming, raze en roppe. Gelokkich giet dat hjir net sa. Opposysje en koälysje wolle it beste foar de boarger, elk op eigen wize. We litte de gemeente dan ek goed efter. Mar wie der neat te *beleven* yn dizze rie? Wis wol, want wy hiene Johan Harms. Myn earste moeting mei Johan Harms wie op Flylân, we wurden oan inoar fêstbûn en moasten opdrachten útfiere. Dan leare je wol gearwurkjen! Johan is in idealist en somtiden ek wol in bytsje nayf. Der giet gjin agindapunt foarby en Harms syn basispetear einiget mei wurden as ‘sinnepanielen, waarmtepompen, ynvestearje, ûnderwiis, it miljeu en it mei wol wat kostje’. Jild is der altyd noadich en bysaak. En dêrop rinne wy wol ris wat út inoar. Wy besykje it realistysker te hâlden, want waarmtepompen okee, mar jildpompen nee. Dochs hat Johan it ek wol ris by it rjochte ein. In geweldich petear oer it besparjen fan enerzjy, oer dat besparjen by josels begjint, by je gedrach. We fleane de hiele wrâld oer foar bespotlike prizen, we hawwe airco’s yn auto’s, earste huzen en twadde huzen, we fleane fan stopljocht nei stopljocht en de benzine gutst de útlaat út, we ha safolle mooglik ljochten oan, we ha spuitbussen en keapje bulten prularia. En dêr binne we it wol mei iens. Wy, VVD Menameradiel neamden ús altyd Grien Rjochts. We pleagen dy der wol ris mei, mar dêroer binne we it iens. In soad minsken ha de mûle fol oer it miljeu, mar dogge lekker wêr’t se sels sin yn ha. In oar ding wat my altyd bybleaun is: in tweet fan dy. It gong oer dat de FNP Katalaanske tastannen woe yn de gemeente. Wy -en de

FNP- wisten net wêr it oer gong. Typysk Johan. Lykas dy moaie útspraak oer de polityk fan de deade mosken: sinleaze polityk. Je kinne net lik op him wurde. Hy is oprjocht, mient dat it moat sa't hy it seit, mei dy typysk, bytsje irritante leraar-trekjes en kin samar in oere tsjin dy oanprate oer it milieu. Hy is ynteger, hy hat mar ien sit, altyd yn de opposysje, mar lit him nea fan de wiis bringe. Hy set troch, soms wol wat tefolle. Lykas by it besprekken fan de ferbouplannen fan it gemeentehûs yn Frjentsjer. It moast enerzjyearmer wylst it al in A-label hie! Mar dat is typysk Johan. Ik ha der respekt foar en SAM sil him misse. Dochs ek wol in opluchting, seist tsjin my, der falt wat fan dy ôf. Tink om dyn sûnens, wês waaksum. Nei ús ferbliuw op Flylân liest dyn famylje komme en fytstest mei harren troch de natuer. Dat is neffens mei wier gelok foar dy. En ek fansels yn dyn enerzjyneutrale kastiel oan it Van Harinxmakanaal: genietsje derfan. It giet dy goed!

De hear Roersma oer de hear Cuperus

Nei dy prachtige yntro oer myn persoan, tocht ik, bliksem Willem hjir hast de broek fol oan want moaier kin it net wêze. Hoe kin ik dyn ferhaal ek sa moai meitsje? Ik doch it yn it Nederlânsk, dan kin elk it ferstean. Jouw poltieke aanwezigheid is begonnen in 2006, toen was ik buiten de boot gevallen door een nederlaag van Gemeentebelangen. We hadden de verkiezingen gevoelig verloren, vooral door Schatzenburg. In die vier jaar waren de vrouwen de baas in het college. Wij zaten met twee raadsleden in de oppositie, samen met het CDA. In 2010 kwamen wij terug met vier zetels in de raad. Ik mocht weer terugkomen. Jij werd herkozen samen met twee raadsleden. Ik werd commissievoorzitter. In die functie heb ik je leren kennen als een sympatiek raadslid, met kennis van zaken vooral op het gebied van het sociale domein en onderwijs. Bij het nazitten in de Black Horse bleken wij veel waardering voor elkaar te hebben. Het waren gezellige tijden. Zowel de meningen over het sociale domein als jouw ambities hebben wij dikwijls besproken. We hadden en hebben wederzijds respect voor elkaar. Vaak kwam je even langs in Deinum en zaten we voor huis op het bankje. In 2014 kwamen wij met vijf zetels terug in de raad. Jij viel eerst buiten de boot, maar kwam later alsnog in de raad. Voor Jenny, mijn inmiddels overleden, maar toen zieke vriendin nam je regelmatig een bloemetje mee of een flesje wijn. Zij genoot hiervan. Je liet je van je allerbeste sociale kant zien. Een heel fijn mens ben je die ook kon luisteren naar andere meningen. Tjeerd, bedankt voor onze vriendschap. Ik wens dat je in Waadhoeke weer deel uit zal maken van de nieuwe raad. Je verdient het.

De hear Osinga oer de hear Knol

Sybe wennet yn Berltsum en ast it doarp ynkomst sjochst in stânbyld stean: de Berltsumer hûn. Dat byld is de reade tried yn myn ferhaal. Op 22 septimber 2016 kaamst yn de rie as opfolger fan de hear Sinnema. In jong riedslid en dat is wol bysûnder, want dy binne der net in soad. Ik wie benijd hoe'tst dy ûntwikkelje soest, bist in skerpsliper of fan it gematigde type. Op dy fraach witte we it antwurd. Sybe is fan it type terriër. Bytst dy earne yn fêst en litst net gau wer los: de Tiny Houses en de problemen yn De Pôlle. Mar der is ek in oare kant. Ast de rie fergelikest mei in roede hûnen, dan is der in rangoarder mei alfahûnen dy't net wolle dat nijkommers harren eigen gong geane. De nije hûn moat syn plak krije en wurdt somtiden hurdhannich op dat plak set. Dêrby wurdt'er wol ris biten oant er it plak yn de groep akseptearret. De moares fan de rie moattst dy eigen meitsje en dat gong net samar. Dêr learst fan. Moast gearwurkje om resultaten te beheljen. De gearwurking sikest wol, mar úteinlik folgest dyn eigen line. Dat typearret dy. Fêsthâlde oan eigen ideeën. Dêrtroch bist ek werkenber en gjin grize mûs. Dat is yn de polityk hiel erg, fyn ik, dy grize mûzen. Gearwurkjen betsjut ek ynhâlde en dat is foar dy net altyd like maklik. Dochs is dat yn in soad gefallen ferstanniger. Do komst aansten yn de nije rie, hiest in soad stimmen, fêst in soad út Berltsum. Dêr giet it grif oars as yn Menameradiel, mar do nimst de ûnderfining fan hjir mei nei Waadhoeke. Kompromissen slute heart by de polityk. En dat jild seker as in partij yn de koälysje komt. Gearwurking is needsaaklik om wat te berikken. Ek partijen dy't oars tinke hawwe dat rjocht. Dan komt it op de bereidheid oan om in kompromis te sluten. Ik bin derfan oertsjûge datsto in goed en befein riedslid wurdst yn de nije gemeente en dêr winskje ik dy alle sukses by. Dankewol.

De hear Arendz oer mefrou Tijsma

Wy binne tagelyk yn de gemeenteried fan Menameradiel belâne yn 2014. Yn krapoan 4 jier ha we inoar net faak rjocht yn de eagen sjoen. Want we sitte beide oan de eastlike side fan dizze seal. Doe't ik justerjûn mei myn Fryske Nasjonale Partner, myn Fryske stabij te rinnen gong, ha ik dit praatsje oefenen. We ha 5 minuten krigen, mar doe siet ik sa op 10 minuten. Ik moast skrasse. Dêrom sil ik no net tefolle fertelle oer de jierlikse reiskes nei Flylân dy't we mei dizze rie makke ha. Frij krije op dyn wurk wie altyd dreech. Mar by de kommisje sosjaal domein wiest wol altyd fan de partij. En sa kamen we de ôfrûne jierren noch ris op plakken: Ingelum, Skingen en Slappeterp. Do bist in frou fan dialooch, fan fatsoen en fan de stille diplomasy. Net fan de direkte oanfal en fan op de barrikaden. Dêrom fûnsto de kommisjegearkomsten noflikker as dizze rie. Do hast der nea in geheim fan makke datst net beskikber bist foar Waadhoeke, nei fjouwer jier fynst it eins wol genôch. Dat beslút falt te wurdearjen. Mar hoe komt it aansten mei al dy moasjes dy't altyd troch dy yn geef Frysk oerset wurden? Wa sil dat aansten dwaan, of komme der dan Biltse moasjes? It soe kinne. Ik wol dy tige tank sizze foar dyn wurk yn de rie. Do krigest in dikke tût fan my.

De hear Zijlstra oer de hear Kingma

Ik herinner me de avond van de verkiezingen in 2014 nog goed. We waren beide toch een beetje teleurgesteld, want we zouden beide niet in de gemeenteraad komen. Maar hoe anders is het toch gelopen? In het begin was het voor jou even wennen, zo gaf je eerlijk toe. Samen fietsten of reden we vaak naar het gemeentehuis. Ja had wel wat ervaring als online campagnestrategist bij Gemeentebelangen, maar nu was je opeens raadslid en volksvertegenwoordiger. Je pakte de nieuwe taak al snel goed op. Inwoners uit onze gemeente prijzen je vooral om je enorme betrokkenheid, je was overal. Zo werden we bij het afscheidsconcert door onze mooie jassen aangezien voor medewerkers en jij beantwoordde alle vragen. Ook je betrokkenheid bij Gemeentebelangen is enorm. Zo kon jij enorm vooruit kijken naar het jaarlijkse uitje. Samen met je vriendin flyereren in de dorpen rondom de feestdagen. Iedereen die bij jou door de straat liep, zag iets bijzonders. Niemand kon het missen. De poster van Gemeentebelangen hing voor je hele raam. Een maand lang kon je daardoor zelf niet eens naar buiten kijken, maar dat kon je niets schelen. Dat maakt het extra zuur dat je de komende raadsperiode niet verder mag. Je kwam zestien stemmen tekort voor een plekje in de raad en daar baalde je enorm van. Daarom nemen we vandaag afscheid van jou als raadslid. Het is niet alleen jammer voor jezelf, maar ook voor de partij, voor de nieuwe raad en de inwoners van de nieuwe gemeente. Zij missen een betrokken en enthousiast raadslid. Ik wil je bedanken voor je positieve inbreng, je betrokkenheid en ik hoop dat we je over vier jaar terug zien op de lijst. Bedankt!

Mefrou Mast oer de hear Eijzenga

Dat wordt lastig, dacht ik toen ik hoorde dat ik iets over jou mocht zeggen. Het mag wel prikkelend zijn, maar jij bent altijd zo netjes en ging nooit mee naar de gezellige uitjes en nazitten, dus ik heb eigenlijk geen sappige details over jou. Natuurlijk zijn me de laatste jaren wel wat dingen opgevallen. Zo kwam je vaak te laat, dat werd altijd goedgepraat door de heer Osinga. Je bent ook een goed en kundig raadslid. Je bijdrage is soms wel een beetje lang, vooral als je net naar een cursus bent geweest. Na een cursus maakt Jelle zeer bijzondere linken tussen het net geleerde en de punten op de agenda. Sommige raadsleden beginnen al te zuchten als jij de zin begint met 'ik ben op cursus geweest.' Ik wil natuurlijk nog meer vertellen en dus heb ik ook nog even op internet gezocht. Helaas is daar weinig over je te vinden. Het meest schokkende waren de foto's van een verlichte trap in jouw praktijk. Jij bent naast raadslid ook eigenaar van een praktijk voor fysiotherapie met meerdere vestigingen. Mijn familieleden komen graag bij jou in de praktijk. Het is mij niet helder of ze altijd iets hebben of gewoon komen voor de gezelligheid. Je bespreekt altijd de politiek met mijn zoon en discussieert eindeloos met hem over Latijnse woorden. Bij ons thuis worden die discussies altijd nog eens overgedaan. Het is je eigen keus dat je niet terugkomt in de nieuwe raad. Persoonlijk vind ik dat erg jammer, Waadhoeke mist hierdoor

een serieus, prettig en kundig raadslid. Ik wens je het beste voor de toekomst, wij komen elkaar vast nog eens tegen.

De hear Hoeksta oer de hear Van der Lubbe

Oan my de ear dy ta te sprekken. Do hast al ferteld dat we beide wurken op it ministearje fan lânbou en dat we inoar letter tsjinkamen by de provinsje. Do sietst al fan 2006 ôf yn de gemeenteried, ik bin der yn 2014 by kaam. Dat we beide by de provinsje wurken, wie moai meinaam. Sa koene we de stikken wol ris oereidzje en ik koe as nijeling yn de rie noch in soad fan dy leare. As Hollaner hast dy der hjir yn Fryslân aardich by jûn, spitich datst it Frysk dy net eigen makke hast. Hoe kin dat, mei ien mei sa'n stik ferstân? Nei 12 jier riedslid hâldst der no mei op. Ik ha dizze wike noch hiel wat riedsstikken troch west om te sjen watsto dien hast. Wat my opfoel is datst net iens safolle oan it wurd west hast, mar ast wat ynbrochtst, dan snijst altyd hout. It bestimmingsplan bûtengebiet, de geurfyzje en op finansjeel mêd bist goed thús. Do koest mei in pear wurden de finger op it seare plak lizze. No'tst ophâldst mei it riedswurk en dy mear rjochtsjen giest op dyn nije funksje by de provinsje, komst miskien ek ta oan dyn eigen mearjierren bouprojekt. Dat projekt liket sa stadichoan wol op in wiidferneamde tsjerke yn Spanje wêr't ek nea in ein oan komt. Do litst dyn auto no sels op biodiesel ride, ek al moatst dêrfoar omride. Do hast in soad foar it miljeu oer. Tank foar de goeie gearwurking, stipe en advizen en in soad sukses yn dyn nije funksje by de provinsje. Dankewol!

De hear Harms oer de hear Magré

Ik begryp dy tsjinstelling tusken ús net sa goed, we binne beide fan wat behâldende partijen, do wolst graach it jild hâlde, ik wol graach de wrâld hâlde. De scope is oars, mar ferder sitte we aardich op ien lijn. Dyn namme komt 657 kear foar op ynternet en neffens it nammenboek binne alle André's fjochtersbazen, striders, soldaten. Om kampioen yn tennis te wurden komt dat goed fan pas. Dat striidbere yn sport en polityk joust ek troch oan dyn bern. Sûnt 2013 sitst yn de rie. Do bist bot mei sinten dwaande west, begruttingen en jierrekkens binne dyn ûnderwerpen. Koest dy slim drok meitsje oer budzjetoerskrieding. Begrutting is begrutting, punt út. Dat is de beheining, dêr moatte jo binnen bliuwe. Dat wie dyn kommentaar, altyd. Ik krige it gefoel datst de measte ynteresse hiest yn de lêste side fan de jierrekken. Dat is wol noflik, wat ûnder de streep stiet, dat telt. Ien ûnderwerp derút pakke krekt as by tennis: mei ien bal, ien net, ien racket en ien tsjinstanner. Sa sjoch je mar wer dat alles mei inoar te krijen hat. Dat koe ik wol wurdearje, want ik bin sels ek ien fan fokus. Ik hie dyn stipe by de sweltsjes, mar do hast my wat sitte litten by de ferbou fan it nije gemeentehûs. Alle gebouwen yn de gemeente moatte yn de rin fan de tiid enerzjyneutraal. Dit wie de kâns west, no giet it ús aansten in soad jild kostjen. De minister hat ús in klimaatwet beloofd, 55% reduksje fan CO2. In klimaatwet is in soarte fan kroanjuwel foar GL. Mei in wet jouwe jo it belang fan it ûnderwerp oan. En it klimaat komt dat belang ta. We moatte it gewoan even dwaan, it rendearret en de technyk is der al. Ophâlde mei rapporten en ûndersyk, oanpakke! It is mei sizzen net te dwaan. Begruttingen, jierrekkens en partijbelang binne ûndergeskikt oan it belang fan bern en bernsbern. Dat wie myn motto en úteinlik it wichtichste doel fan de polityk. Hokker kleur jo ek ha, dat is it wichtichste foar ús en ús takomst en ek foar Waadhoeke. Wy hâlde der no beide mei op. Der biedt dy romte om dy dwaande te hâlden mei de noadige ynnovaasje fan garaazjebedriuwen om se iepen te hâlden. In grutte opjefte en in nije útdaging foar dy. Ik tink datst dat oankinst. Ik winskje dy in soad sukses en tige tank foar de gearwurking. It giet dy goed!

De hear Osinga oer griffier mefrou Bruinsma

Wietske is griffier wurden yn 2003. Doe bin ik ek yn de rie kaam. Wy kinne inoar al 14 jier. Datsto as griffier oansteld waardst kaam eins troch it dualisme. Foar de rie moast der in fraachbaak komme en dy taak hasto op dy naam. Dêrneist bist ek noch sekretaris west fan it bestjoerlik oerlis stedsregio Ljouwert. Do hast yn dy tiid twa jonges krigen en troch it kreamferlof seagen we pas hoe't oare griffiers wurkje. It wie goed dat der in fefanger kaam, mar we wiene altyd bliid datst werom kaamst. Wietske as griffier is in beaken fan rêst. As we

by har kamen naam se de tiid foar ús fragen. Hiel iepen, benaderbaar en freonlik. Fragen rûnom amendeminten of moasjes wurden altyd goed útlein. En se holp somtiden by it opstellen fan de teksten. Presys sa't wy it woene. Mar as it net koe, dan liet se dat ek witte. Nea ha ik wat murken fan in politike foarkar. Do hiest oandacht foar elk riedslid, elk waard belangstellend en behelpsum te wurd stien. Dat is ien fan de grutste fertsjinsten fan ús griffier. Iepen stean foar elk en behelpsum wêze as dat noadich wie. Do stiest dyn mantsje, dyn funksje as griffier hast altyd mei in soad oertsjûging útfierd en dat wylst kolleezjes en rieden feroaren. Feroaringen hat se mei holpen útfieren. Sa gongen we fan papier nei iPads. Dat hat in soad riedsleden in soad tiid besparre, want de achterlizzende stikken wiene dêrtroch digitaal te rieplachtsjen. We soenen no net mear sûnder kinne. Mei yngong fan 1 jannewaris is Wietske riedsadviseur fan Waadhoeke. Ik tink dat de nije riedsleden bliid wêze meie mei Wietske as adviseur. Toegewijd en mei oandacht foar de posysje fan alle riedsleden. Yn de nije funksje sil se grif in positive bydrage leverje oan it wurk fan de nije rie. Betanke foar alles watst foar de riedsleden dien hast. De nije rie is fêst in útdaging foar dy, mar ik bin der wis fan datst dat op in profesjonele en hertlike manier útfiere silst. Ik winskje dy út namme fan ús allegearre in suksesfolle takomst ta yn Waadhoeke en út namme fan de rie, in dikke tût.

De hear Drost oer wethâlder Pen

Ik wol earst alle fraksjes en riedsleden betankje foar de bereidwilligens om te besykjen yn in mearderheid de útstellen dy't hjir op tafel leine te besprekken. We ha brêgen slein en wiene mei inoar ien. Dat is faak hiel goed slagge. Tank foar jim ynset.

Wethâlder Pen hat in moaie taspraak holden. It wie makliker west om oer ien fan de riedsleden it wurd te dwaan. Want we steane ticht by inoar, we wennen yn deselde strjitte, mar we witte eins mar in bytsje fan inoar. Ik kaam wol twa kear wyks op it gemeentehûs om de problematyk te besprekken, we hiene in soad saaklik kontakt. En dochs witte we net in soad fan inoar. Hoe is it mooglik? Ik wit wol hoe'tst bist. Do wolst hjir net de grutte menear úthingje. In rychje jiertallen: 1970 > foarsitter fan de algemiene feriening fan plattelansjongerein yn Fryslân. Op in resepsje yn Bears wiene jim yn goed selskip, der wie in kommissaris fan de keninginne by dy't ek noch reedride koe: Linthorst Homan. Tagelyk wiest ek foarsitter fan jeugdaangelegenheden Fryslân. Dêrmei wiest ek de persoanlik adviseur fan de deputearre op dat mêd. Doe wiest noch mar in jier of 30. Wiest ek lid fan de jeugdried fan it Hearrefeen. Wiest tige warber op dat stuit. Wiest ek ien fan de oprjochters fan it Frysk servicesintrum foar jongereinwurk yn Ljouwert. Bestjoere en wat foar in oar betsjutte wolle siet der al betiid yn. Net allinnich foar josels dwaande wêze, mar ek foar de minsken om je hinne dy't stipe noadich hiene. Do hast dy trochûntwikkele yn it bank- en ferskeringswezen. Yn de jûnsoeren hast tsien jier les jûn yn boekhâlden, sa koene de kursisten in MBA-diploma helje, dêr binne se dy noch tankber foar. Yn 1987 kaam Abe Tyssen by dy oan de doar, hy selektarre op kennis, wurksin en noch folle mear saken. It wie dúdlik dat der wat barre moast. Do koest it net wegerje en sa wurdst bestjoerslid en foarsitter fan de keatsferiening yn Dronryp. Dêr kaam wat by sjen, bist bestjoerder fan de feriening, mar bist ek organisator fan de grutste doarpsmerke fan Fryslân. Tropejierren yn je bestean. As je dan ek noch betinke dat ûnder dy, yn 1993 it 100-jierich bestean fan de feriening fierd waard en dat dat soarge foar in hiele wike feest, dan is de ynspanning noch folle heger west. Do seachst kâns om âld-kommissaris Wiegel te regeljen foar in opslach foar de partij tusken de Belgen en de Friezen. Wiegel miste it perk, mar hy wie der. De wedstriid wie in inisjatyf fan dy. Do wiest doe ek noch ris seis jier foarsitter fan de keatsfederaasje. Do bist nea foar de lanlike polityk gong, wiest in man fan lokale partijen en doe't GB oan de doar kaam wiest der foar de partij. Yn 1995 kaamst yn de rie, yn 1997 wurdst wethâlder, yn 2006 wer riedslid. Do hast kennis fan saken, kinst de gemeente, wiest leechdrompelich, seachst jierliks kâns de begrutting slutend te krijen. Fansels ha je dêr ek wol ris gelok foar noadich en meifallers, mar ek al wie it foarútsjoch net goed, troch goed boekhâlden koene we it hieltyd mei nul of in lytse plus ôfslute. Der is in hiele soad bard en it kaam foar inoar. Do bist de personifikaasje fan GB wurden, diest der alles foar, wiest attint, joechst hints nei it bestjoer en de riedsleden. Wiest

der foar ús, mar ek foar oaren. Wiest ree om elk te helpen en fragen te beäntwurdzjen. Wy ha as rie goed gearwurke. Fansels wiene der ek wat ferfelende saken. As riedsleden 200 fragen stelle oer de realisaasje fan in grûndepot wêroer twa jier earder besluten is, en je moatte it belied wêr't je it net iens mei wiene ferdiedigje, dan moatte je goed wêze. Jo wurde der op oansjoen. It wie ek ferfelend dat jim by de oanstelling fan in waarnimmend boargemaster net heard binne. Spitich, mar dêr sille we it no fierder net oer ha. Spitich en teloarstellend is ek dat der oan in gearwurking fan 24 jier mei it CDA no in ein komt. Dêrfan wiesto 17 jier wethâlder. Dat je no bûten de boat falle komt hiel hurd oan. Der binne minsken dy't ophâlde omdat se de leeftiid –nei eigen sizzen– derfoar berikt ha. Eins soe Lute ek ophâlde moatte, sizze sokke minsken dan wol ris. Dat seit mear oer harren as oer dy. Do bist in komplette wethâlder, seker as it giet oer finânsjes. En bist ek fit. Do soest dy portefúlje by Waadhoeke it beste ha kinne. We treffe inoar noch gau ris. Bedankt foar alles!

Boargemaster Piersma oer wethâlder Dijkstra

Yn dyn wurksame libben bist by in protte lânnynrjochtingen belutsen west. Dêr koe ik dy yn't earst ek fan. Letter fansels as wethâlder fan Menameradiel. Yn dyn earste perioade as wethâlder (2002-2006) wiest nij en hiest noch gjin riedsûnderfining. Nei de perioade dat de dames hjir yn it kolleezje sieten kaam de hear Dijkstra werom fan 2010 oant no. Do hast ûnderwiis yn portefúlje, wurk en ynkommen, kultuer, soarch en wolwêzen, doarpenkoördinaasje, rekreaasje en toerisme, jeugd- en jongereinwurk en sosjale saken. In portefúlje dy't goed by dy past. As ik dy omskriuwe moat, dan tink ik oan in stille krêft binne it it kolleezje. Do bist net de man dy't by gearkomsten mei de fûst op tafel slacht of de kopkes of de dûbele ruten fan it gemeentehûs rinkelje lit. Sa mâl sil Arend it net gau dwaan. Do bist in *rots in de branding*, in man wêr'tst op bouwe kinst as der echt wat oan de hân is. Myn earste dei hjir hie ik te krijen mei in brân yn Berltsum. Ik hearde op de radio dat minsken yn Dronryp de ramen slute moasten. Ik tocht dat de brân yn Winsum of Baaium wêze soe, sjoen de wyn. Thús seach ik dat de brân dochs yn myn nije gemeente wie. Ik fielde my fuortendaliks ferantwurdlik, ek al wist ik wol dat Arend piket hie. Mar ik hie noch gjin 06-nûmer fan him dus stjoerde ik in e-mail en wurde gau werom belle. Ik wurde gau gerêst steld. Doe't ik letter in pear dagen fuort wie, miste ik in telefoantsje fan de plysjesjef. Ik belle werom en hearde fan de likwidaasjepoging yn Dronryp. Wethâlder Pen hie piket, mar siet yn in gearkomste. Arend Dijkstra naam de honneurs wier. En hoe! Letter dy deis gong hy mei de foarljochter by de buert del. Dat hat deroan bydroegen dat de ûnrêst net groeide. Op sokke mominten de juste dingen dwaan is it moaie fan wethâlder Dijkstra. Do bist en wiest in goeie wethâlder. De lêste gearkomste hiest graach noch it kredyt foar it MFA yn Menaam beskikber steld, mar der wie tefolle ûnwis. Mar de moasje om as gemeente 150.000 beskikber te stellen foar de rotonde by Marsum docht hooplik aansten wol fertuten. Ek hjir hasto dy tige foar ynset. Alle reden om grutsk te wêzen op in moaie karriêre as wethâlder fan Menameradiel. En tank foar alles wat yn dy trije riedsperiodes dien is.

Wethâlder Dijkstra oer boargemaster Piersma

De hear Piersma is opgroeid as boeresoan yn in pleats oan de Slachte. Nei syn HBA-tiid is hy cum laude ôfstudearre as stjerrenkundige yn Grins. Hy waard dosint wiskunde oan de Thorbecke Akademy yn Ljouwert. Sa hat hy in soad minsken út it iepenbier bestjoer yn de klasse hân. Fan 1982 ôf wie hy it iennige FNP-riedslid yn Tytsjerksteradiel. Mei de ferkiezings yn 1994 krige de FNP twa sitten en by de koalysjeûnderhannelingen waard hy ynienen wethâlder. Hy hat dêr oardel jier wethâlder west en wurde doe boargemaster yn Wûnseradiel. Dy gemeente hat hy oant de weryndieling yn 2011 betsjinne. Doe moast er omsjen, hy hat syn eigen bedriuw opstart. Dêrneist stiet it keatsen sintraal, bestjoerlik en op ynternasjonaal nivo. Ein july bisto waarnimmend boargemaster wurden yn ús moaie gemeente, om tegearre mei ús de weryndieling ôf te rûnen. Yn de koarte tiid datst hjir west bist hast alle fasetten fan feiligens meimakke: de ynsidinten yn Berltsum en Dronryp. Wy wurden beide fan it iene op it oare momint wethâlder. We ha beide in alvestêde-brevet, we binne beide geduldich en gemoedlik. Mar ferskillen binne der ek. Do kinst maklik in referaat fan trije kertier hâlde, ik bin wat koarter troch de bocht. Do bist fan de klaai, ik fan it sân. Ik

bin bliid dat ik mei dy yn de kunde kaam binne en dat we gearwurke ha. Ik winskje dy en dyn famylje alle goeds.

Boargemaster Piersma

Dat wiene allegearre prachtige taspraken. No komt in oar ûnderdiel fan dizze gearkomste: twa keninklike ûnderskiedingen. De hear Drost hat fjouwer perioaden yn de rie sitten en de hear Van der Lubbe trije perioaden. Oer de hear Drost is al aardich wat sein, ik sil my beheine ta de hear Van der Lubbe. It is moai hoe't dat opboud is en wêr dat ta laad hat. Yn 1976 wie hie hy redaksjelid fan studintenorgaan De Einekoer, dêrnei lid fan de meisizzenskipsrîed fan de Hegere Lânbouskoalle fan Ljouwert, sekretaris fan de stúdzjerie en studintenrie, foarsitter fan de regionale ôfdieling fan de Hegere Agraryske Studinten-uny, 1982-1985 lid fan de meisizzenskipsrîed fan de legere lânbouskoalle yn Bûtenpost. 1989-1994 bestjoerslid fan De Stoepe, jeugd- en jongereinwurk yn Fryslân, 2004-2008 lid fan de lanlike ûndernimmingsrîed fan de direksje regionale saken fan het ministearje fan LNV. Dat sjoch ik as in reade tried dy't úteinlik útkomt by trije rîedsperioades as rîedslid foar de PvdA. En dan is der noch de oare kant: de sport. Fan 1991-2009 foarsitter fan de tennisferiening fan Marsum, en fan 2015 oant no foarsitter fan de Stichting Sportakkomodaasjes yn Marsum. Dat binne dyn nevenaktiviteiten. Ik sil de hear Van der Lubbe de keninklike ûnderskieding opspjeldzje, hy wurdt Lid yn de Oarder fan Oranje Nassau. De hear Drost hat frege om âld-boargemaster Van Mourik.

Ald-boargemaster Van Mourik spjeldet it lintsje op by de hear Drost en oerhandiget blommen.

De hear Drost betanket elkenien foar dit grutte gebaar en de moaie wurden.

Boargemaster Piersma spjeldet it lintsje op by de hear Van der Lubbe en oerhandiget blommen.

De hear Van der Lubbe: Ik twijfelde lang of ik dit wilde, want deze blijk van waardering voor alleen het raadswerk? Maar het is veel meer, sinds mijn studententijd ben ik al maatschappelijk actief en ik ben steeds een stapje verder gegaan. Het raadswerk is in die zin een afsluiter van mijn carrière. Ik zie dit ook als extra waardering voor een periode van bijna 40 jaar. Bedankt!

Boargemaster Piersma betanket ek de notulist foar de ynset fan de ôfrûne jierren foar de rie, de kommisje, de kommisje sosjaal domein en de weryndielingskommisje.

Boargemaster Piersma betanket de rîedsleden, de wethâlders, griffier, loko-griffier, sekretaris en loko-sekretaris mei in moai byld fan it feintsje fan Menaam.

Kommissaris fan de Kening, de hear Brok

Tank dat ik hjir oanwêzich wêze mei. Yn it foarste plak lokwinske oan de minsken dy't in ûnderskieding krigen ha fan majesteit. Dat is in grutte ear en dêrmei jout ús kening oan dat wy jim tank sizze moatte foar jim ynset as rîedslid en op oare mêden. Ik hoopje dat jim derfan genietsje kinne.

Nei goed 600 jier nimme we hjoed ôfskie fan Menameradiel as selsstannige oerheidsynstânsje. Fan de tiid dat Columbus Amerika ûntdekt oant de grûnwetferoaring fan Thorbecke healweis de 19e iuw wie it gritenij Menameradiel. En dêrnei wie it in gemeente. Mei yngong fan 1 jannewaris geane jo fierder yn Waadhoeke. It is in dûbel ôfskie, mei in swart rantsje, want krektlyn ferstoar âld-boargemaster mefrou Van Delft Jaasma. Sy wie oant 2012 trije perioaden jo boargemaster. En dêrmei ien fan de boargemasters fan Menameradiel dy't hjir de measte tiid trochbrocht hat. Ferline wike ha we ôfskie fan har naam en it wie goed om te sjen dat we har ûnthâlde as markant, sosjaal en tagonklik bestjoerder mei in grut ferantwurdlikensgefoel. We betreure har ferstjerren allegearre. We misse har op dagen as hjoed. Yn tinzen binne we by har famylje en neisten.

Mefrou Van Delf Jaasma wie de earste en iennichste frou dy't boargemaster of grytman yn dizze gemeente west hat. Se hat in lange list mei foargongers. Oer de grytmannen is twa iuwen lyn noch in moai boekje makke troch de grytman fan Tytsjerksteradiel. Hy hold him ek dwaande mei de skiednis fan gritenijen en grytmannen. Hy beskreaun mear as 25 grytmannen yn fjouwer iuwen Menameradiel. De measte nammen binne my bekend, it binne nammen fan ferneamde Fryske famyljes, as Cammingha, Burmania, Grovestins, Martena, Frittema en Van Eijsenga. It binne ek de nammen dy't op it plafond fan de steateseal yn it provinsjehûs steane. De aadlike famyljes dy't iuwen lang de bestjoersfunksjes yn dizze provinsje ynfolle. Der sieten genôch grytmannen by dy't pro-Fryslân wiene, mar it gong ek wol ris mis. Yn de Spaanske tiid yn 1576 wie Van Ockinga grytman. Hy hie goeie bannen mei de Spanjerds en de Friezen makken him út foar lânferrieder en makken him hast dea. Van Ockinga melde him by it Spaanske leger en focht tsjin de Friezen. Sa giet it hjir no net mear.

Wat hjir de ôfrûne jierren wol allegearre bard is, is tefolle om no op te neamen. Ik kin ferwize nei jo ofskiedskranke mei moaie, histoaryske ferhalen oer de doarpen yn jo gemeente. Alma Tadema en Eise Eijsenga binne berne op Dronryp, Berltsum is de tolfde stêd fan Fryslân. Yn de krante wurde ek ien projekt útljochte: de heak om Ljouwert. Mei 15 projekten dy't dêr ûnderdiel fan binne. It lit sjen dat de Heak mear is as in oanpassing fan in dyk. It soarget foar nije ympulzen yn jo gemeente. Fan in nij sportkompleks yn Deinum oant in nije farferbining by Marsum. Gemeente en provinsje meie der grutsk op wêze. En tagelyk lêze we yn de krante ek soargen. Bygelyks fan de hear Dijkstra, hy hat noed oft it wol goed komt. It bestjoer komt fierder fan de doarpen en de boargemaster sil minder sichtber wêze, net alle feroaring hoecht in ferbettering te wêzen, seit de hear Dijkstra.

Dat sinjaal moatte wy serius nimme, hy sil net de iennige wêze dy't der sa oer tinkt. De weryndieling is goed te beredenearen, mar it gefoel is like wichtich. In oerheid binne we mei inoar. As minsken der gjin betrouwen yn ha steane jo daliks op efterstân. De ôfrûne jierren is der hurd wurke om ta dy nije gemeente te kommen. Dêrfoar foar jim alle lof. We moatte no soargje dat de oerheid noch better funksjonearen giet. Ek nei de takomst ta en we moatte net it gefoel jaan dat de ynwenners op ôfstân komme te stean. Elk moat soargje dat de belutsenheid oer en wer is. Tagelyk sil it ek net tafalle om lyk de knop om te setten. Jo reitske jo wurkplak kwyd, Menaam rekket in grutte wurkjouwer kwyd. Ik ha wurdearing foar de wize wêrop jo yn dit operearje. It lit sjen dat jim dit as in folwoeksen oerheid dogge. Yn Waadhoeke ha jim inoar fûn, jim binne in folweardich partner fan de haadstêd Ljouwert. Foar de setten stappen wol ik rie, amtners en kolleezje betankje, lykas âld-boargemaster Van Mourik dy't hjir fiif jier oan de weryndieling wurke hat. Fansels giet de tank ek út nei Piersma dy't ree wie om hjir de lêste moannen it wurk te dwaan. Syn ûnderfining by in eardere weryndieling koe hy hjir goed brûke. By in waarnimmer giet it om goeie papieren. Jo binne altyd in goed bestjoerder foar Fryslân west. As riedslid, as wethâlder en as boargemaster. Jo sille ek yn de takomst hooplik sichtber wêze yn de provinsje dy't ús bynt.

Jo werkenbere gemeentewapen mei de ienhoarn ferdwynt. It is it iennige gemeentewapen yn Nederlân mei in ienhoarn. In bist dat stiet foar moed en striidlust. It byld dat jo yn al jo uteringen brûkten. As jo ûnwennich binne fan dy ienhoarn: it bliuwt sichtber yn glês yn lead yn it provinsjehûs. Altyd wolkom op jo provinsjehûs. De ienhoarn sil de beslútfoarming oer Fryslân en de Friezen yn de rekken hâlde.

Jo ha al ôfskie naam fan dizze gemeente. In moai en goed inisjatyf en in moaie oanrin nei kulturele haadstêd. Dank foar jo ynset, foar seis iuwen Menamardiel en sukses yn Waadhoeke. Mar tink om de hear Dijkstra. En wit, struktueren meie dan miskien wol feroarje, mar wy komme inoar altyd wer tsjin yn de provinsje dy't ús bynt.

Foarsitter slút de gearkomste om 17.15 oere en lit de hammer foar de lêste kear falle. Dat wie it.

Griffier,

Foarsitter,

W. Bruinsma

T. R. Piersma